



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- **Rond Oud en Nieuw**
- **Jieroersjoch 2023**
- **Op 'e Kofje by Jelle**
- **Glêsfefzelpraat**



Febrewaris 2024

Altijd uitstekend bereikbaar!



Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!

Hallo

JUMBO
Grou



NIJ en ALD,

Elk jier op 'e nij
 Giet it âlde ús foar bij.
 Elk jier op 'e nij fertelle wij,
 dat it no oars sil. Oars
 moat!
 Dat nimme we ús foar. Net
 wer dyselde flaters!
 Elk jier op 'e nij sitte we
 dan mei ús katers;
 Wer net foldien oan eigen
 sizzen.

Ien treast:
 Elke dei op 'e nij begjint der
 wer in jier
 En goede foarnimmens kin no
 ek.
 Of hâlde wy ússels dan foar
 de gek?

Ien ding is wis;
 Dit jier start goed, sûnder
 mis.
 In feest yn de kroech foar
 fyftich jier âld.

En trije wiken lang toaniel.
 Bjusterbaarlik skoan gehiel.
 In nij stik foar elk doarp.

(En dan te witten dat der
 klups binne fan fier mear as
 hûndert jier âld.)

Âld begjint op 'e nij.

Âld en nij
 tichtebij
 elkoar.

Elke dei!

P. jan. '24

Frysk.

Al aardich wat jierren skriuwe ik myn stikje hjir foar yn de
 Linepraat.

Neat net heechdravend, lekker ienfâldich.

Dat feroaret net.

Altyd yn it Frysk.

Dat bliuwt ek sa.

It is myn memmetaal, it praat it maklikst, it skriuwt it maklikst.

Mar der binne minsken dy't it net sa maklik lêze.

En om dêr no nei safolle jierren oan ta te jaan.....ik doch it net.

De minsken dy't nei Fryslân komme, witte dat hjir in eigen taal
 wennet.

Us doarpen binne noch echte doarpen mei harren taal en kultuer
 Us skoalle is in trijetalige skoalle, it Frysk hat in wichtich plak.

Yn 1955 mocht de Fryske taal op skoallen brûkt wurde,
 Reduzum wie ien fan de tsien.

Lit it sa bliuwe, jou de bern dit stikje Frysk eigene mei.

It regear yn Den Haach sjocht de wearde der fan yn.

Op alle nivo's mei Frysk de fiertalige wêze, sels yn de Twadde
 Keamer.

In lânlike krante skriuwt skreau koartlyn in haadartikel yn de
 twadde lânstaal. De NRC: "In maatskippij sûnder kennis fan de
 eigen taal en dêrmei de eigen kultuer, is in earme maatskippij."

De taalmacht fan it Hollânsk stekt fier boppe dy fan it Frysk út.

Fansels kom je fierder mei de Hollânske taal, mar moatte je dan
 je eigen taal ferkwânselje?

It soe myn lêste wêze!

Henk.



Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanleverje yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth

Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema, Gerrie de Leeuw en Geeske Smorenborg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanleverje.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612** Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenborg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopij wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat

Foarwurd / Gedicht	3
Kolofon / Ynhâld	4
Aginda / Ald papier	5
Rond Oud en Nieuw	7-8
Jieroersjoch 2023	9-10
We koene wer ride!	11
Op 'e kofje	12-13
Glêsfazelpraat	15-17
Merke	18
Kort Nieuws	19-21
Doarpsbelang Reduzum / De dierenarts vertelt	23
Kerk	25-27
Bistedokter	28
FIER	29
Keatsen/ClubRed	31/32
Mededelingen	33/34
Zonnepanelen	35
ROTO	36/37
It stikje fan Koos	39
Biljarten	41
Dit bin ik	43
Skoalle	45/49
Peuterklas	51
Gymnastiek	53
Korfbal	55/56
Wisten jo dat...?	56

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand **gratis** in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen door nevenstaande QR-code te scannen en daarmee een **vrijwillige bijdrage van €5,-** over te maken.
Bij voorbaat hartelijk dank!



Foto foarblêd: Nijjersdûk 2024.
(Foto: Astrid van der Bosch)

Agenda



3	feb	Toaniel	Utfiering toaniel Tusken Swin en Moezel Friens 20:00
5	feb	Toaniel	Utfiering toaniel Tusken Swin en Moezel Friens 20:00
9-11	feb	Toaniel	Toaniel ROTO
12	feb	DB Reduzum	Vergadering DB Reduzum It Lokaal (Vrije Inloop vooraf melden)
13	feb	Koffiedrinken	Lokaal achter de kerk 10:00
16	feb	QlubbRed	Falentynsfeest
23	feb	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
1	mrt	Act. Kommissje	Tryater mei Thúsblaze
12	mrt	Linepraat	Jaarvergadering Linepraat Skoalle 20:00
13	mrt	KCA	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
14	mrt	KCA	Inzameling Klein Chemisch Afval Friens / Idaerd
15	mrt	QlubbRed	Apres Ski feestje
18	mrt	DB Reduzum	Vergadering DB Reduzum It Lokaal (Vrije Inloop vooraf melden)
27	mrt	Filmavond	Lokaal bij de Kerk 19:30
12-14	apr	QlubbRed	Kamp Blierherne
4	mei	Deadebetinking	Tsjerke 20:00
13-16	mei	Act. Kommissje	Kuier trije daagse
7/8/9	jun	Café	Café Bar De Welp 50-jarig jubileum
15	jun	Wandelen	Slachte Marathon
29	jun	Keatsen	Heren Hoofdklasse partij
29	jun	Keatsen	Jubileumfeest KV Reitsma 120 jaar
13	jul	Volleybal	2 ^e Terpenvolleybaltoernooi
5	okt	Café	50 jaar Café Bar de Welp

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
Maart	21 feb tot 12:00 uur	29 februari
April	20 mrt tot 12:00 uur	28 maart
Mei	17 apr tot 12:00 uur	25 april
Juni	22 mei tot 12:00 uur	30 mei

Oud papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2024	Reserve: Gerrit				Reserve
28 feb	Boele	P. Galema	B. van Dijk	O. Steensma	L. Zijlstra
27 mrt	Micha	E. Jonker	T.H. Brouwer	S. de Boer	J. Zijlstra
24 apr	Arie	J. Koopmans	E. Wieling	G. v.d. Meulen	P. Brouwer

Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand



Lijkt het u ook gezellig om eens per maand met anderen te koffiedrinken?
Dit kan op dinsdag 13 februari om 10 uur in het lokaal achter de kerk.
Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep

SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geïsoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeïsoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Rond Oud en Nieuw

Karbidschieten



Oudejaarsdag heeft zo zijn tradities en zelfs cultureel erfgoed namelijk het: Karbidschieten.

Dit jaar kreeg de Reduster Karbidploeg burgemeester Buma op bezoek. Buma liet zich voorlichten over hoe dat karbidschieten werkt en wat er allemaal voor nodig is. De Karbidploeg heeft het hem allemaal haarfijn uitgelegd. De burgemeester kreeg ook nog een hoody aangeboden met een opdruk van de karbidploeg. Na de eerste knallen en een bakje koffie in de trailer ging de burgervader verder.

Nieuwjaarsplons bij het strandje



Ook dit jaar waren er weer genoeg mensen die de kou en het logische verstand trotseerden om het koude water van ons leuke strandje in Reduzum in te rennen, om zo fris het nieuwe jaar te beginnen! De inwoners van de Haven "organiseerden" zich middels de whatsapp. Dit gaf het laatste zetje op oudejaarsavond en zorgde er voor dat een 3-tal deelnemers en een dubbeltal supporters vanuit de Haven. Bij het strandje aangekomen bleken er meer Reduster mannen én vrouwen in zwemkleding klaar te staan. Gezamenlijk doken zij het koude water in. Er waren genoeg aanmoedigers, handdoek aandragers, verse knieperties, koude biertjes en warme thee. Kortom warme gezelligheid. Volgend jaar zeker weer, in

weer of geen weer. Noteer maar vast in de agenda nieuwjaarsdag 12 uur bij het strandje!

Tsjoch 2024!

Op zondagmiddag 7 januari was de traditionele nieuwjaarsborrel in Café Bar de Welp, in samenwerking met de Activiteiten Commissie en de Sakeclub. Het was een gezellige drukte en er werd druk geproost op het nieuwe jaar onder het genot van lekkere hapjes. Menig inwoner van de Trije Doarpen maakte gebruik van de gelegenheid om elkaar te treffen of te 'netwerken'. Ouders met kroost konden samen aanschuiven, want Jeroen en Lutske hadden zelfs voor kinderopvang gezorgd. Top geregeld!

Schaatsen



Op woensdag 10 januari was het dan zover: "De redens kinne út it fet."

Er kon overdag en 's avonds prima worden geschaatst.

Op donderdag was het druk! De gehele school was leeggelopen en de kinderen, ouders, meesters en juffen waren heerlijk aan het schaatsen en het was jammer dat het alweer de laatste dag was.

En toen kwam er plotseling vorst. Iedereen de zolder op om de schaatsen en de warme kleren op te zoeken in afwachting of de ijsbaan open zou gaan.

Er lag een prachtige ijsvloer maar het ijs was nog te dun.



Sneeuw

Daarna ging het even dooiën en kwam de sneeuw. Overall was het wit in Reduzum behalve op de brug naar het Swinlân, de sneeuwploeg had zijn werk weer gedaan.



In jier is samar foarby.....wat barde der yn 2023 yn Reduzum?

Jannewaris.

De grutte aksje om it enerzjyferbrûk yn 'e hûs nei ûnderen te krijen kriget in ferfolch. De hierhuzen fan Elkien binne likernôch allegear foarsjoen fan de beskikbere materialen, de 'eigen' huzen binne no oan bar. Mar ek de grien advysgroep sit net stil: der wurdt swier neitocht oer in plan om mear grien en wat mear skaad te kreëarjen by it strân. Boppedat leit der in 'natuerherstelplan' en ús wurkgroep sil sjen hoe't se dat yn harren eigen plannen ynpasse kinne. De bern fan de TDS komme yn it nijs mei harren grutte sponsor aksje foar fûns fan KIKA, se donearje mear as tsientûzen euro.

Febrewaris.

Wolwêzen helpt minsken dy't oan djoere enerzjykontrakten fêstsitte om in oanfraach yn te tsjinjen by it Noodfonds. Minister Jetten en boargemaster Buma komme op besite by de Koöperaasje Doarpsmûne Reduzum, nei oanlieding fan de earfolle fermelding troch it ministearje fan Ekonomyske Saken. Dossier foarming is tige wichtich om te kommen ta maatregels om oerlêst foar te kommen en sa nedich oan te pakken. Tink oan hûnestront, fytters op 'e stoepe, ferkeard parkearde auto's, fjoerwurk. QlubbRed giet mei sa'n 30 bern in wykein nei It Amelân.

Maart.

It hat no in jier lang stil west op de Drûge Haven. Op de yntsjinne plannen komt noch hyltiid gjin reaksje en DB lûkt oan de skille. It skulpepaad kriget wer in opknappbeurt. Yn it rapport 'in plak ûnder de sinne' hawwe Wenjen en DB tegearre mei twa oare doarpen de mooglikheden besjoen om te kommen ta doarptwreiding of -ynwreiding. In fersyk om mear biodiversiteit wurdt bepraat yn Groen. De enerzjybesparrings aksje wurdt evaluearre en wat lekkers en blommen útdield oan de minsken dy't dit realisearre hawwe.

April.

Bûtendoar boartsje kin wer. Mar de 'hutte' fan planken yn de beamwâl neist it nije tsjerkhôf is opromme om't it net past yn it briedskoft fan de fûgels. De fytsklup fan de Vrouwen van Nu moat stevich tsjin de wyn opbokse en de jubilearjende (12½ jier) bypraattafel skoot oan foar in tsiisplanke mei lekkere hapkes.

Maaie.

De grutste happening fan dizze moanne fynt plak yn de streepte tinte tsjinoer de Blauwe Tinte as de nije wynmûne offisjeel iepene wurdt. Hy draaide al mear as in healjier, die syn wurk mei en foaral ek sûnder al te folle faasje, waard efkes stevich tasprutsen en de problemen lykje no oplost. It tal tsjerkeleden rint werom, it bestjoer fan it gesichtsbepalend elemint fan it doarp giet yn oerlis mei DB oer de opsjes dy't men hat. De Bernewrâld, de lytsskalige profesjonele berne-opfang bestiet 15 jier en hat in hiele wike bysûndere gasten en aktiviteiten. Delta begjint mei de oanlis fan glêsfazelkabels en hâldt it doarp trije moanne lang yn de besnijing.

Juny.

Samen spelen, der wurdt hurd wurke oan de grutte boarterstún by de Smedingstrjitte. De nije boarterstastellen, ek foar bern mei in beheining, wurde pleatst. De aktiviteitekkommisje liet Adri de Boer fersen fan Bos sjonge, lit fier oer de hûndert minsken fjouwer dagen kuierje lâns paden dêr't we oars net komme en organisearret de fakânsje-útswaaiparty yn de moanne hjirnei. De Rommelmerk fan skoalle en kuorbal is wer in feest en krekt op dat momint is de gemeente dwaande mei wat tydlike oanpassings fan de Drûge Haven.

July.

De griengroep komt mei in natoerherstelplan, mar it bliuwt noch efkes op 'e planke lizzen, om't de gemeente earst neitinke wol. Wat wól fuort troch gean kin is de kearnbining: de foarrang foar (âld)ynwenners by de tawizing fan hierhuzen. Yn Idaerd jout it gasbedriuw Vermilion in foarljochting oan de doarpen oer har aktiviteiten: nije buizen wurde alfêst lein, mar oft it komt ta it weriepenjen fan de gaswinningsput is noch net wis. Johannes Hazenberg wurdt beneamd ta nije direkteur fan de Trije Doarpen Skoalle. It opslachterrein fan SJ de B. feroaret fan Rommelmerkfjild ta Festivalterrein: it breed opsette muzykfeest MILF belibbet syn twadde edysje en lûkt in smite folk.

Augustus.

Foar de Twadde Wrâldoarloch waard der op 'e âlde iisbaan noch yn wedstrydferbân fuotballe. Nei de oarloch gauris ûnderling mei de merke, mar no leit it fjild fan vv Irnsum oer de kop en wurdt op it sportfjild fan Reduzum alle wiken treend troch echte fuotballers. En dat noch ris tagelyk mei de topkeatsers fan Puur Passie. Ek de kuorballers starte wer en alles rint dat it slydjaget.

Septimber.

It prachtige waar brocht de merke fiering fan de seal nei bûtendoar op 'e dyk. In ferfelend ûngemak soarge der foar dat de optocht fan de matinee moandei net troch gie. De Tsjerkepaad-sneonen wurde ôfsluten en foar de Namasté Foundation wurdt in HighTea organisearre, dy't al gau folboekt wie.

Oktober.

Der fynt op foarstean fan Doarpsbelang in wurkgroepen-oerlis plak mei it tema 'Duorsumens', enerzjygebrûk, dielauto's, wytguod foar de minima, laadpeallen, alles kaam foarby. Al tolve jier lang wurdt der op de lêste woansdei fan de moanne mei-inoar iten yn it Lokaal (wurkgroep Wolwêzen) en moat der in wol-of-net-reklame-stikker op de brievebus. Hoe dan ek, de Linepraat giet hûs oan hûs!

Novimber

It bestjoer fan de Doarpsmûne Reduzum traktearret alle meiwurkers fan de Linepraat op lekker iten by de Wartenster, der stiet in grut stik oer suksesfolle inisjativen út de mienskip fan ús doarpen yn de NRC, de Slachtekuierkommisje set de earste punten op papier en yn de gloednije skommel fan de grutte boarterstún wurdt in gat baarnd. Op deselde lette jûn komme der ûnhuere teksten en tekeningen op de muorren fan de kantine. De earste krystfersiering wurdt oanbrocht en lit syn ljocht skine.

Desimber

In nije wurkgroep fan DB wurdt yn it libben roppen: Reduzum bloeit. Sinteklaas wit net wat him oerkomt by de yntocht, mar de kwis fan Murphy is der net minder gesellich om. De enerzjykoöperaasje hâldt syn earste jiergearkomste en it docht bliken dat de nije mûne likernôch seis kear safolle enerzjy produsearret as de eardere mûne. It reint en waait fjirtjin dagen efterinoar hurd. De krystfair op de Trije Romers giet fanwege it minne waar nei de grutte loads fan Van der Werff en it krystkonsert fan út de tsjerke waard sels op Curaçao mei niget besjoen en beharre.



Nijjiers borrel Idaerd

Sneon 6 jannewaris organisearre Pleatslik Belang Idaerd/Eagum in nij jiers borrel.

Dat wie natuerlik yn ús smûk doarpshús it Lokaal. We ha mei sân 20 man it glês mei bubbels hifke op in goed 2024!

Der wiene allegearre lekkere hapkes en in taspraak fan us foarsitter Frank Schuurmans.

In goed en gesellich begjin fan it nije jier.

We koene wer ride!

Heal jannewaris begûn it te friezen en koene de redens út it fet.


Op woansdei, 10 jannewaris, joech it iisclubbestjoer grien ljocht:

jong en âlder koene de redens ûnderbine en rûntsjes ride op it moaie glêde iis fan de iisbaan.

Wy wiene noch wat foarsichtich en joegen, mei it moaie sinneskynwaar, dochs de foarkar oan de rinskuon yn stee fan de redens ...

Yn Oranjewâld by Tjaarda setten we de stap deryn en moasten sels in pear kear iis plassen oerstekke, want wat hie it de ôfrûne tiid reind. De plassen tusken de beammen yn it bosk wiene beferzen. Al rinnende kamen we by Mildaam en oan de auto's en fytsen te sjen, wie ek dêr de iisbaan iepen, mar allinnich foar de bern oant 12 jier. Heiten en memmen, pakes en beppes stiene, mei wanten oan en mûtsen op oan 'e kant.

Myn each foel op in boerd, dat oan 'e kant by de iisbaan stiet, mei in wintersk gedicht fan Baukje Wytisma oer de (eardere) iisbaan fan Reduzum! Hoe't soks no yn Mildaam telâne kaam is. . . .?



Yn 2007 ha we it 150-jierrich jubileum fan de Iisklup fierd, ôfsluten mei in wedstriid op it iis fan de hjoeddeistige iisbaan oan de Legedyk.

Nei't we de tongersdeitemoarns dochs noch riden ha op 'e iisbaan, lizze de redens no wer slipe en ynfette op souder.

De winter is noch net foarby; wa wit krije we nochris kâns om in streekje te setten. We hâlde de moed deryn.

Op 'e kofje by

Jelle Roorda

It iisclubbestjoer is de hiele winter alert op it waar en temperatueren ûnder nul.

Nei dizze reedriders dagen haw ik by Jelle Roorda op 'e kofje west, om te hearren wat se as bestjoer fan Iisclub 'De Eendracht' sa al by d 'ein ha.



Jelle en Pieter, net op it bûthúsbankje, mar it iisbaan bankje

Hoe lang sitst al yn it iisclubbestjoer?

Jelle: 'Nei it 150-jierrich jubileum yn 2007 bin ik yn 't bestjoer kaam. It jubileum waard fierd yn it kafee, mei û.o. in útstalling fan allerhande redens, oanlevere troch Jitse Hotsma út Wergea; ik hie noch 2 pear De Rutterredens/-houtsjes. Bûtendoar by de yngong fan it kafee stie in stimpel hokje en Loekie Kooistra en ik as 'baanfegers': jaske oan en in mûtse op en in biezem yn 'e hân.

Yn 2016 haw ik it foarsitterskip oernommen fan Wietse Jorna.

We sykje noch in nij bestjoerslid. Yfke Boersma is oerstapt nei de Bond fan Iisclubs Gewest Fryslân; sy docht no noch wol, mei Karin, de finânsjes.'

Hast in protte winters meimakke yn dyn bestjoers tiid?

'Yn 't begjin wol, sels noch in kear de '7-Doarpetocht', doe hiene we by de Haven op it Swin in stimpelpost en in koek-en-sopy kream. De Iiswegesintrale set sa'n tocht út en soarget yn de regel foar de kaartferkeap. De lokale iisclubs soargje foar de stimpel plakken. Yn desimber 2022 ha we 3 dagen ride kinnen op 'e baan; it iis wie tin en it golve, mar de bern koene ride en de lêste dei de 'grutten' ek! Wytgaard is meastal ien fan de earste banen, dy't iepengiet'.

Wannear sette jim de iisbaan ûnder wetter?

'Begjin desimber begjinne we mei pompen. Nei in drûge simmer moat der wol in goed wike pompt wurde, foar't de baan ûnder wetter stiet. De pomp sit ynboud yn 'e grûn en it wetter wurdt út de sleatten om 'e baan hinne pompt. Ek ha we

kontakt mei it Wetterskip as dit nedich is. Sy kinne de skuven omheech sette, om it wetter yn de sleatten te krijen. De grûn moat wol fersadige wêze, om it wetter 'fêst' te hâlden. Offier buizen nei de sleat wurde ôfsetten/-sletten.

We hawwe ek altyd oerlis mei Anne Okkinga, de eigner fan it lân, dêr't de iisbaan op leit.

Neist it ûnderhâld en ûnder wetter setten fan de baan ha we de soarch foar it iisbaan hokje:

ûnderhâld en soargje foar sûkelademolke en sa. We sitte no net mear, krekt as earder, oan iepen wetter, en hawwe mei tochten gjin 'oanrin' fan oare riders yn langere winters.'

Wa bepaalt oft der riden wurde kin op 'e baan?

'Ik besykje it iis as earste: kin it wol of net? En dan mjit ik mei in boar op ferskate plakken de dikte fan it iis en draaf der in pear kear oer hinne. Dêrnei meld ik oan Reduzum.com oft it wol of noch net kin.'

Leist der nachts net wakker fan?: 'Nee!'

Is reedride ek dyn passy?

'No, it is passy wurden. Doe't wy krekt yn Reduzum wennen, hiene we begjin 80-er jierren buorman Hylke Faber en dy frege oft ik mei him te riden gong. Doortje, syn frou, hie noch wol in pear noaren foar my. Dat wy tegearre nei de Leijen; dêr koest rûntsjes fan 3 kilometer ride. Dat diene we elk yn ús eigen tempo. En sa ried ik dêrnei, allinnich, rûtes fan 10, 20 kilometer en mear. Yn '85 ha ik de 11-Marretocht riden! Ik gong doe wol ûnderweis troch myn ankel, mar haw it helle! Ik krige der hieltyd mear aardichheid oan. Yn '85 ha ik my oanmeld by it Alvestêdebestjoer en krige nûmer 8579. Ik haw him doe noch net riden, mar yn '86 al!



It Alvestêdekrúske

Yn '97 ha ik 'm wer riden, mar bin ik yn Burdaard ôfstapt: ik hie net geskikte redens foar sa'n lange tocht en it waard te let. . .

Mei in kollega út Hallum gong ik yn 'e 90-er jierren en begjin dizze ieuw alle wiken nei de Iishal yn Ljouwert te riden, mar no net mear. Ik bin noch al ridend lid fan de Alvestêdeferiening, mar bin fan doel om dit op te sizzen en net-ridend lid te bliuwen.

It reedriden is der yngroeid en in passy wurden. Earder gong ik al nei de maratons op Thialf te sjen.'



De Alvestêdepas

Wurkest yn Ljouwert?

'Ik ha 43 jier by Aegon op kantoar yn Ljouwert wurke, ôfdieling 'Levensverzekeringen'. Ik gong faak op 'e fyts nei't wurk.

Ik bin sûnt myn 61e út it wurk.'

Hast noch oare hobby's?

'Biljerte, keatse: earder ledekeatsen en skiedsrjochterje en no fjild lizze. Us bern keatse ek alle trije en ús pake- en beppesizzers ek. Ik ryd fan ôf 2014 op de skoalbus en bin fertsjintwurdiger fan de sjauffeurs yn de skoalbus kommisje; hâld bygelyks yn 'e gaten, wannear't de winterbannen der wer ûnder moatte en it ûnderhâld. Ik sit yn de Haven kommisje.'

Wêr bist berne en opgroeid?

'Yn it sikehûs yn Ljouwert yn 1952 en, as âldste fan 7 bern, opgroeid yn Britsum. Wy hiene thús in leanbedriuw en wat bistjes; 10 melkkij, dy't we doe't ik lyts wie mei de hân molken en letter mei de melkmasine.

Ik haw as jonge altyd meiholpen op it bedriuw.

Ik ha in protte mei de trekker op 'e fleanbasis oant wurk west. Boeren yn ús omjouwing, dy't lân by de fleanbasis hiene, mochten dat sels net bewurkje. Dat wie in taak foar it leanbedriuw; sa haw ik gauris oant keunstmest struien, meanen en swyljen west en hea fan 't lân helle op 'e fleanbasis. Sa fertsjinne ik myn bûsjild.

Ik ha de ULO yn Ljouwert dien en oanfallend MULO-B en bin dêrnei op kantoar bedarre. Ik kaam fan skoalle ôf en melde my by de Aegon; op in freed op it brommerke derhinne en waard goedkard. Ik koe de moandeis fuort begjinne en bin dêr hingjen bleaun. Wol haw ik yn dy jierren 16 moanne yn militêre tsjinst west.

Earst 4 moanne yn Amersfoort de EHBO- en sjauffeurs oplieding (frachtauto rydbewiis) om op de ambulânse te riden; dêrmei in jier yn dizze funksje yn Seedorf yn Dútslân.'

Hoe en wannear binne jim yn Reduzum kaam te wenjen?

'Gelske en ik ha elkoar op it wurk troffen. Gelske komt fan de Westeren en wenne mei in freondinne yn in flat yn Ljouwert. Har freondinne is letter wer nei de Westeren werom gien en doe ha wy tegearre yn Ljouwert wenne. Nei in pear jier woene we wol in hûs keapje, mar dat foel yn dy tiid, ein 70-er jierren net ta; de huzen wiene djoer en de hypoteekrinte heech. Doe kaam dit hûs yn de Master Gorterstrjitte beskikber en dat slagge, dat yn 1978 binne we hjir kommen.'

Gjin spyt fan hân?

'We ha ús der fuort by jûn, om minsken kennen te learen. Sa haw ik yn '78 de biljertclub mei oprjochte; we binne begûn mei 20 leden, mar dat binne der hieltyd mear wurden en yn de 90-er jierren binne ek de froulju oanheakke. Ik ha sa'n jier yn it bestjoer sitten, skriuwer west en noch 3 jier foarsitter.

Wy hawwe hjir altyd mei nocht wenne en ek ús bern, dy't hjir alle trije harren plak fûn ha en dus moai tichtby wenje. Yntiid binne der ek trije pake- en beppesizzers, dy't in protte by ús oer de flier binne. Wy ferfele ús net!'

Jantsje Kalsbeek

Klear foar de takomst!

- Dealer van: Abarth, Citroën, Fiat, Fiat Professional, Jeep, Opel, Peugeot en Suzuki
- Erkend reparateur van: Alfa Romeo & DS
- Eurorepar Car Service
- Duurzame zakelijke mobiliteitsoplossingen

Haaïma Hylkema voor iedereen

HAAÏMA HYLKEMA BURGUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Mr. W.M. O. v. Veenweg 34, 9251 GA Burgum - T: 0511 46 98 22

HAAÏMA HYLKEMA DOKKUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Rondweg-West 160, 9101 BG Dokkum - T: 0519 292 303

DRACHTEN | OPEL

De Knobben 25, 9202 XH Drachten - T: 0512 51 44 55

DRACHTEN | PEUGEOT

Servicepunt Citroën Fiat Jeep Opel Peugeot
De Bolder 83, 9206 AP Drachten - T: 0512 54 56 00

EMMELOORD | CITROËN PEUGEOT

Traktieweg 20, 8304 BA Emmeloord - T: 0527 61 36 35

EMMELOORD | OPEL

Servicepunt Fiat Fiat Professional Jeep Opel
Produktieweg 12, 8304 AV Emmeloord - T: 0527 69 81 31

LEEWARDEN | CITROËN PEUGEOT

Coronaweg 2, 8938 CA Leeuwarden - T: 058 288 20 18

LEEWARDEN | FIAT JEEP OPEL

Leo Twijnstrastraat 2, 8923 EL Leeuwarden - T: 058 266 62 55

HEERENVEEN | ABARTH CITROËN FIAT FIAT PROFESSIONAL JEEP

Servicepunt Alfa Romeo Citroën DS Opel Fiat Jeep
Skrynmakker 20, 8447 GH Heerenveen - T: 0513 610 022
Alfa Romeo en DS aftersales

HEERENVEEN | FIAT PROFESSIONAL OPEL

Bedrijfswagens Fiat Professional Citroën Opel Peugeot
Kattebos 162, 8446 DB Heerenveen - T: 0513 62 21 00

HEERENVEEN | PEUGEOT

Beurtschip 35, 8447 CL Heerenveen - T: 0513 62 27 44

FRANEKER | OPEL

Edisonstraat 1, 8801 PN Franeker - T: 0517 39 56 65

FRANEKER | PEUGEOT SUZUKI

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
James Wattstraat 4, 8801 PK Franeker - T: 0517 39 76 00

SNEEK | OPEL

Edisonstraat 1, 8606 JH Sneek - T: 0515 42 20 55

SNEEK | PEUGEOT

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
Kolenbranderstraat 9, 8601 VC Sneek - T: 0515 54 81 11

WURDUM | BEDRIJFSWAGENCENTRUM

CITROËN FIAT PROFESSIONAL OPEL PEUGEOT
Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Werpsterdijk 1, 9088 BZ Wurdum - T: 058 255 13 02



Eartiids skreaune minsken inoar in brief. No stjoere se meastal in appke of in mailsje. Twa minsken yn ús doarp hawwe inoar fûn troch dy e-post. Wy wolle it de lêzers fan ús Linepraat net ûnthâlde, dêrom wat biten en brokken fan de digitale snelwei tusken Suderom en Ayttawei.

Bêste Bistedokter,

We sitte al yn it nijjier, mar ik begjin dochs yn 2023. Op sneintejûn 24 desimber siet ik mei myn oare helte yn in folle Vincentiustsjerke foar de krystfiering. It wie in moaie jûn en dat alles mei eigen minsken, want in dûmny is der yn ús gemeente net mear. De tsjerkegongers binne hjoed-de-dei op ien hân (sometiden twa) te tellen. It Redúster krystkoar song as in lyster. "Hiene we mei ús tsjinsten op snein ek mar sa'n besetting", sil de tsjerkeried grif tocht ha. Dêrom wurdt der ek praat oer in fúzje mei in oare gemeente.

Oan de mear as 100 miljoen dy't útjûn is oan fjoerwurk ha ik net meidien, 2024 koe sûnder al dat geknal ek wol begjinne. Dan it nije jier. Wat ferwachtesto dêrfan? Ik tink dat we sels de slingers ophingje moatte. De wrâld is yn ûnstjoer en ek yn ús eigen lân kinne we net sizze dat it giet dat it slydjaget.

Ha goeie, Master (radio) Koos,

Jawis, wy sille de fleur deryn hâlde moatte. At wy sels net optimistysk bliuwe, wêr bedarje wy dan? Ik begryp dyn gefoel hiel goed en op 23 novimber woe ik wol emigreare. Mar wêr moatte jo yn de goedichheid hinne? De frou hat my wer delbêde, hear en Milders is noch net ús foarman. Alle swierrichheden yn ús lân sille lykwols wol oplost wurde moatte en dat skreaut om in krêftdiedich regear mei takomstfisy! Dat liket my in geweldige poepetoer mei sa'n ferskaat oan partijen en in kuolkast fol mei spul dat al bedoarn is foardat immen dêr de stekker útskuort. Hawar, wy sille it sjen!

En ja, fjoerwurk soe om my ferbean wurde meie, mar soks jout fansels ek wer in bult rebûlje. Myn foarstel soe wêze sa't se yn Spanje dogge mei doarpsfeesten: sintraal in pear minsken oanwize dy't dat profesjoneel dwaan meie. Neffens my soe dat in protte rottichheid en ûngemakken foarkomme. Wat oars, mei goede foarnimmens is it paad nei de hel fluorre, seit it sprekward. Bisto noch wat bjusterbaarliks fan doel yn it nije jier?

Hoi Menno,

As ik goede foarnimmens hawwe soe, dan soe ik no guon saken net goed dwaan. Ik sis fansels net dat ik alles goed doch, mar der sil yn myn hâlden en dragen net in protte feroarje. Ien ding soe ik wol oanpakke wolle: ophâlde mei smoken. We witte allegearre dat it net sûn is en slompen jild kostet, mar yn dit stik fan saken ha ik sloppe knibbels.

Nijsgjirrich yn dit ferbân fûn ik in stik yn de Ljouwerter Krante fan neuropsycholooch Erik Scherder (de heechlearaar fan 72 mei it wite hier en burd) en syn kollega kardioloog Leonard Hofstra. It gong oer harren nije boek 'Hoop voor Hart en Hersenen'. Hoe stean je yn it libben? Hoe is it mei je eigen fearkrêft en wolwêzen en mei de fysike, mentale, emosjonele en sosjale aspekten fan it libben? Om koart te kriemen kin je it bêste in positive optimist wêze mei in moai tal betsjuttingsfolle relaasjes. En hoop docht libjen en laitsjen is sûn! De beide wittenskippers ha gjin goed wurd oer foar Facebook en X (it eardere twitter). It is abnormaal hoe't minsken elkoar ôfmeitsje op sosjale media. Bliid dat ik net op X en Facebook sit. Hoe is dat my dy?

Hee Koos,

No, dat sit sa. Eartiids wie it mobyl foar my in útkomst om altyd en oeral berikber te wêzen. Hjoed-de-dei fyn ik it folle mear in krym. Wêrom? Wol, ik besûndigje my yndied oan dy 'zuckerbergbrot' fanwegen saken oangeande promoasje fan myn boek. Under skûlnamme fansels, dat dan wer wol. Mar ik moat tajaan, soks fret folle mear tiid as my leaf is en der komt gauris in protte ellinde op jin broeksbûse ôf. Sa as reaksjes fan minsken dy't net bot hindere wurde troch iennich sûn ferstân. Boppedat soargje de algoritmen foar nuveraardige oanpriizging fan guod der't jo net om frege ha. Dat jout allinne mar argewaasje! It sosjale fan dit medium is bygelyks faaks ek noch fier te sykjen. In foarbyld. Ik mei noch wolris mei nocht sjen nei 'De slimste mens'. Koartlyn wie Akwasi yn dat programma. Aardich dochs, soene jo tinke. It raast lykwols oan de protters hokker bagger dy man oer him hinne kriget op dyselde 'sosjale media'. 'Wat dizze omkoal en noch folle slimmere beneamings wol net yn sa'n kwis te sykjen hie?' Bûtengewoan skrinend ...

Sûnt dizze moanne is de bûstillefoan yn 'e klassen ferbean. Dat liket my in grutte segen. It ûnderwiis kachelet al jierren bot efterút en dat sil net allinne oan dy mobyltsjes lizze. Tekoart oan (kundich) personiel spilet ek wis in grutte rol. Ik haw wat dat oanbelanget al ris oppere dat allinne akademysk personiel foar de klasse stean moatte soe. Wat tinksto dêrfan?

Axon Fysiotherapie

Uw prikkel tot herstel



Praktijk voor onder andere:

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie (ook aan huis)

Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten



AXON FYSIOTHERAPIE

Locaties

Axon Fysiotherapie
Skoallestrjitte 11, Deinum

Gezondheidscentrum Nij Franjum
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

Gezondheidscentrum it Kleaster
It Kleaster 1, Wytgaard

Telefoon

(058) 254 22 83

Email

info@axonfysiodeinum.nl

www.axonfysiodeinum.nl

Bêste Menno,

Dat soe moai wêze as it koe, mar de werklikheid is fan in hiele oare oarder. Ik kin allinne mar sizze dat it ûnderwiis ek al sa'n pineholledossier wurden is. In pear keale sifers. Yn it basisûnderwiis is der in tekoart fan 9800 minsken (folsleine banen) en yn it fuortset ûnderwiis sitte we it springen om 3800 dosinten. Sa'n brek oan minsken dy't foar de klasse stean wolle, wurdt opfolle mei ûnderwiisassistinten en praktykbegelieders, benammen yn it primêr ûnderwiis. Ek wurdt der wurk makke fan sydynstreamers, mar ek dy losse it probleem net op. It feit dat de minsken yn it ûnderwiis, en ik wit út ûnderfining dat it in moai berop is, no better betelle wurde is moai, mar set ek noch gjin seadden oan 'e dyk.

Je wurde net fleurich foar de takomst. Benammen net as út ûndersyk ek noch bliken docht dat in kwart fan de 15-jierrigen net goed genôch lêze of skriuwe kin om har steande te hâlden yn ús maatskippij. Koartsein, we liede op ta analfabetisme.

Migraasje is yn it oerlis tusken de fjouwer partijen dy't fimelje oan in nij kabinet in wichtich ûnderwerp. Der moat minder ynstream komme. Dat stiet ek yn it krekt ferskynde rapport fan de Steatskommisje: "We moatte migraasje beheine om wolfeart te behâlden." Der wurdt foarsein dat as we it belied net wizigje we yn 2050 in befolking ha fan 21 oant 23 miljoen minsken.

Hoe't it komt mei al dy krapteberoppen, it is in tizeboel. As it no giet om arbeids- en kennismigranten of stúdzje- en asylmigranten. Menno, it is sa wol wer in serieus stikje wurden. Hasto noch in fleurige noat om ús earste bydrage ôf te sluten?

Bêste glêsefzelfreon,

Jawis! Om it ris yn hûnetaal te tsjutten, wy moatte wispelsturtsjen bliuwe. Wy kinne in protte fan bisten leare, sa begjin ik ek altiten myn foardracht at ik op toernee bin. En dan lit ik in plaatsje sjen fan in hûn mei de riem yn 'e bek dy't fol ferwachting opsjocht nei syn baas. Krektlyk as dat lytse hannebinkerke dat koartlyn op ús eigen paad derby kaam is. Dat kopke, dy eachjes en it bliere máljtjirgjen moarns betiid. "Hee Baas! Geane wy earst efkes nei bûten ta? En krij ik dan myn brokjes wer fan dy?" En ûnderwilens stiet dat sturtsje net in momint stil, sa bliid is dat lytse fjouwerpoaterke! No wit ik wol, bisten yn it algemien en hûnen yn it bysûnder libje by de dei, of noch better, by it momint. Sa kinne wy fansels net altiten; wy minsken tinke nei en moatte ek foaral foarút sjen. Dát is no krekt dêr't it yn ús lân troch it neolibérale tinken fan de ôfrûne jierren slim oan ûntbrutsen hat! Der binne te min deeglike plannen makke dy't takomstbestindich wiene. En dêrom rint it op safolle fronten muorrefêst.

Litte wy it goede foarbyld jaan yn ús eigen mienskip, yn ús eigen doarpen. Yn it ferline hat Reduzum al faak genôch sjen litten hoe't it kin. Bygelyks de útwreiding fan Súd. Sjoch hoe't de mûnegroep it foarelkoar krigen hat om dochs in nije mûne del te setten! En ek no is Doarpsbelang op in bulte fronten dwaande om saken op te pakken. Ut eigen ûnderfining wit ik dat soks net sa maklik giet om by de oerheid, gemeente of Wetterskip alle noazen deselde kant op te krijen. Mar yn myn wurkgroepkes hawwe wy in 'adagium' en dat is dat wy 'oanhâlde as storein'. En rekkenje mar dat dêrtroch Piter dochs langsum yn 'e broek komt! Einigje ik sa fleurich genôch?

DE BIJPRAATTAFEL



**op vrijdag 23 februari
van 16.30 tot 19.00 uur in het café**

Jelly en Rinie



"Lights, camera, action!"

Altijd als een echte acteur/ regisseur door de wereld willen tijdens de Reduster merke is het mogelijk! Met het thema van dit jaar: HOLLYWOOD 🎬🌟

Ook willen we dit jaar ons meer inzetten voor de straatversiering. Meer info hierover volgt binnenkort. Houd de socials in de gaten voor de nieuwste updates!

Hebben jullie er al zin in? 🍷

Merke Reduzum, Friens & Idaerd: 30 augustus t/m 2 september (houd je agenda alvast maar vrij 😊)

Elfstedenbrevet

Op 16 december 2023 heeft Elske Tolsma, uit handen van commissaris van de Koning Arno Brok, haar Elfstedenbrevet ontvangen.



Elske heeft in de winter van 1997 de Elfstedentocht op de schaats uitgereden. Op de fiets deed ze het 2008 en wandelend werden de elf steden aangegaan in 2022.

Inzameling Kerstbomen



De Kerstbomeninzamelactie was een groot succes! In totaal zijn er 139 kerstbomen door de kinderen van de TDS opgehaald! Acht geluksvogels vielen daarnaast met de verloting in de prijzen en wonnen een boekenbon ter waarde van € 10,- die door de gemeente Leeuwarden beschikbaar werd gesteld. Ook voor de Trije Doarpen Skoalle zat er nog een kleine vergoeding aan vast. Tot slot wil de TDS iedereen in het dorp, die zijn/haar kerstboom ter beschikking heeft gesteld, hiervoor ontzettend bedanken!

Koffiecupps

Koffiecupjes mogen niet in de groene container omdat de cups uit aluminium bestaan. Ook horen ze niet in de grijze container omdat er "koffiedrab" in zit. Je kunt gebruikte aluminium koffiecupps (van alle merken) bij Blokker winkels inleveren voor recycling.

Een aantal merken (Nespresso, l'Or) heeft een eigen inzamelsysteem. Je kunt de cupjes bij de winkel inleveren of meegeven aan de bezorger van nieuwe cups (in een recyclingzakje), of je stuurt ze op.

Een aantal merken (Peeze, FairTrade) heeft composteerbare koffiecupps: die mogen niet in de biobak, maar horen bij het restafval.

WK maatschutjassen.

Voor de 16^e keer organiseerde schutjas vereniging vv Warga het WK maatschutjassen. Met 92 deelnemers uit geheel Friesland was het een 'uitverkocht' huis op zaterdag 13 januari. De titel ging naar debutanten Wieke Heida uit Grou en Anneke Fridsma uit Wergea, die in de finale Warringa/Hylkema uit Tjalleberd versloegen. De oudste deelnemer, de bijna 92 jarige Johannes Duhoux uit Leeuwarden, pakte met zoon Bonno uit Reduzum de 2^e plaats in de poedel.

Overige uitslagen:

